

Oarders
foar de snein,
feest- en tinkdagen

Opgong	152
I De hillige Skrift en it Miel fan de Hear	153
II De hillige Skrift, gebeden en jeften	183
III Leartsjinst	199
IV Gearkomste fan de húsgemeente	203

DE OPGONG
Tarieding op 'e earetsjinst

GEBED FOAR PERSOANLIKE TARIEDING,
THÚS OF YN TSJERKE

Jo, dy't God binne,
boarne fan myn libben, –
dit is de dei
dy't Jo makke hawwe
as in ljocht
foar alle dagen.
Lit my opgean nei jo hûs
en bring my gear
mei allegearre dy't jo Namme besjonge
yn jo tsjinst
ta eare fan Jo
en ta heil fan dizze wrâld.
Om 'e wille fan jo Soan,
dy't opstien is,
Jezus Kristus.
Amen.

farianten: Gebeden 1-10

KONSISTOARJEGEBED

Hear ús God,
Jo tankje wy,
dat Jo ús op dizze dei (*feestdei*)
nei jo hûs roppen hawwe.
As jo gemeente
binne wy gearkommen
– de iene mei blidens,
de oare mei fertriet –
om nei jo stim te harkjen.
Lis alle oare lûden yn ús it swijen op
en lit jo Wurd allinne sprekke.
Jou dêrta ús foargongers
jo hillige Geast, dy't herten en mûlen iepenet,
dat wy ús ferienigje mei jo hiele tsjerke,
ta eare fan jo Namme,
en ta opbou fan 'e gemeente
fan Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

farianten: Gebeden 11-21

WOARDER I

De hillige Skrift
en
it Miel fan de Hear

YNTREE – A

As tarieding fan 'e tsjinst kinne ien of mear fan 'e eleminten dy't hjir oanjûn wurde plak fine. De kantor/oargelist en ien fan 'e tsjerkerie binne hjir de foargongers.

De klokken liede – foaroefening – oargelspyljen – ynljedend wurd – it oanstekken fan 'e kearsen – stilte

De gemeente stiet en sjongt in

PSALM OF YNTREELIET

Dat liet kin ek nei it gebed fan neierkommen songen wurde.

De âlderling of predikant kin de tsjinst sa begjinne:

Yn 'e namme fan de Heit

en de Soan

en de hillige Geast.

Amen.

GROET

As de predikant by de yntree foargiet, groetet hy/hja de gemeente:

Genede en frede mei jim jûn wurde

fan God ús Heit

en fan Jezus Kristus, de Hear.

Amen.

of:

Genede, barmhertichheid en frede

mei jim jûn wurde fan God de Heit

en fan Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

of:

Mei genede en frede jim jûn wurde

fan Him dy't is en dy't wie en dy't komt,

en fan de sân geasten dy't foar syn troan steane,

en fan Jezus Kristus, de trouwe Tsjûge,

dy't as earstberne fan 'e deaden opstien is

en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.

Amen.

BEMOEDIGING

Yn alle gefallen wurdt oan it begjin fan elke tsjinst bidden:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat.

of:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat,
dy't de trou hâldt oant yn ivichheid
en net los lit wat syn hân begûn.

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Almachtige God,
foar Jo lizze alle herten iepen,
alle begearten binne Jo bekend
en gjin geheim is foar Jo ferburgen.

... *gebedsstilte...*

Suverje de oerlizzings fan ús hert
troch de ynjouwing fan jo hillige Geast,
dat wy Jo fan herten leafhawwe
en jo hillige Namme grut meitsje.

Amen.

farianten: Gebeden 22-38

As de tsjinst net mei in liet begûn is, sjongt de gemeente hjir in
PSALM of YNTREELIET

KYRIE ELEISON

In diaken kin de kyrie-yntinsje sizze.

Lit ús de Hear om ûntferming oanroppe
foar de need fan 'e wrâld

... *hjir kinne in stikmannich yntinsjes ynfoege wurde ...*

en syn namme priizgje
want syn barmhertigens is de ein fan wei.

farianten: Gebeden 39-46

Hear, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

Kristus, ûntfermje Jo

Kristus, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

of:

Kyrie eleison.

Kyrie eleison.

Christe eleison.

Christe eleison.

Kyrie eleison.

Kyrie eleison.

Nei it Kyrie folget op dagen dat de kleur wyt of read is de lofsang 'Gloria'.
Dy kin ek op 'e sneinen troch it jier hinne songen wurde. As de kleur pears
is (yn 'e tariedingstiid foar Krysttyd en Peaske), ferfalt de lofsang.

GLORIA

Eare oan God yn 'e heechste himel
en frede op ierde
no't God yn minsken wolbehagen hat.
Wy loovje Jo, wy earje Jo,
wy oanbidde Jo, wy ferhearlikje Jo.
Wy sizze Jo tank foar jo grutte hearlikheid
Heare God, himelske Kening,
God, almachtige Heit.
Hear, iennichstberne Soan, Jezus Kristus;
Hear God, Laam fan God,
Soan fan de Heit,
dy't de sûnden fan 'e wrâld weinimt,
ûntfermje Jo oer ús;
dy't de sûnden fan 'e wrâld weinimt,
hear ús gebed.
Jo, dy't sitte oan 'e rjochterhân fan de Heit,
ûntfermje Jo oer ús.
Want Jo allinne binne hillich,
Jo allinne de Hear,
Jo allinne de Alderheechste, Jezus Kristus,
mei de hillige Geast
yn 'e hearlikheid fan God de Heit.
Amen.

of:

KYRIE ELEISON



Hea - re God, ûnt - fer - mje Jo, Kris - tus,



ûnt - fer - mje Jo, Hea - re God, ûnt - fer - mje Jo.

GLORIA

Ea - re oan God yn 'e heech-ste hi-mel en fre-de
op ier - de no't God yn min-sken wol-be-ha-gen hat.

GEBED FAN 'E DEI

foargonger: De Hear wês mei jim. *gemeente:* En ek mei Jo.

of:

De Hear sil by jim wêze.
De Hear sil jo bewarje.

Liturgyske sangen 41

of:

De Heare mei by jim wêze.
Syn Geast yn ús fermidden.

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte seit de foargonger it gebed fan de dei of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. It gebed wurdt ôfsletten mei de wurden:

Troch Jezus Kristus, ús Hear, jo Soan,
dy't mei Jo en de hillige Geast
libbet en regearret yn ivichheid.
Amen.

sjoch It Tiideigene en Gebeden 47-55

Nei de YNTREE giet de gemeente sitten.

YNTREE – B

As tarieding fan 'e tsjinst kinne ien of mear fan 'e eleminten dy't hjir oanjûn wurde plak fine. De kantor/oargelist en ien fan 'e tsjerkerie binne hjir de foargongers.

De klokken liede – foar oefening – oargelspyljen – ynljedend wurd – it oanstekken fan 'e kearsen – stilte

De âlderling of predikant kin de tsjinst sa begjinne:

Yn 'e namme fan de Heit

en de Soan

en de hillige Geast.

Amen.

GROET

As de predikant by de yntree foargiet, groetet hy/hja de gemeente:

Genede en frede mei jim jûn wurde

fan God ús Heit

en fan Jezus Kristus, de Hear.

Amen.

of:

Genede, barmhertichheid en frede

mei jim jûn wurde fan God de Heit

en fan Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

of:

Mei genede en frede jim jûn wurde

fan Him dy't is en dy't wie en dy't komt,

en fan de sân geasten dy't foar syn troan steane,

en fan Jezus Kristus, de trouwe Tsjûge,

dy't as earstberne fan 'e deaden opstien is

en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.

Amen.

BEMOEDIGING

Yn alle gefallen wurdt oan it begjin fan elke tsjinst bidden:

Us Helper is de Heare,

dy't himel en ierde makke hat.

of:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat,
dy't de trou hâldt oant yn ivichheid
en net los lit wat syn hân begûn.

Allgearre stean en sjonge in

PSALM OF YNTREELIET

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Foar Jo belide wy, almachtige God,
foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,
dat wy sûndige hawwe
yn wat wy tochten, seinen en dienen

... gebedsstilte...

Untfermje Jo oer ús,
ferjou ús ús sûnden
en lied ús ta it ivige libben:
troch Jezus Kristus, ús Hear.
Amen.

farianten: Gebeden 22-38

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

De foargonger seit it begjin en de ein, de lektor seit de Tsiens Wurden.

Ivich, HEARE, is jo wurd, it stiet yn 'e himel fêst,
fan geslacht op geslacht bliuwt jo trou.
Want Jo sprekke ta ús:

Ik bin de HEARE, dyn God,
dy't dy út Egypte, it slavehûs weihelle hat.
Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.
Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.
Do meist dy gjin byld meitsje,
gjin inkelde ôfbylding fan wat boppe yn 'e loft is
of ûnder op 'e ierde of yn it wetter ûnder de ierde.
Do meist dy dêr net foar bûge noch har tsjinje,
want Ik, de HEARE, dyn God, bin in oergeunstich God,
dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten op 'e bern ferhellet,
oan it tredde en fjirde geslacht ta
fan harren dy't My haatsje,

mar dy't geunst bewiist
oan it tûzenste geslacht
fan dy't My leafhawwe
en myn geboaden ûnderhâlde.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist de Namme fan de HEARE dyn God net misbrûke,
want de HEARE lit net frij-út gean,
wa't syn Namme misbrûkt.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Tink om 'e sabbatdei
en hâld dy hillich.

Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan.
De sânde dei lykwols is in sabbat
foar de HEARE, dyn God.

Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan, do net,
dyn soan en dochter net,
noch dyn slaaf of slavinne,
noch dyn fee,

noch de frjemdling by dy yn 'e poarte.

Want yn seis dagen

hat de HEARE de himel en de ierde makke,
de see en alles dat dêryn is;
en Hy rêste de sânde deis.

Dêrom hat de HEARE de sabbatdei segene en dy hillige.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Earje dyn heit en mem,
datst lang libje meist

op 'e grûn dy't de HEARE, dyn God, dy jout.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist net deaslaan.

Do meist net troubrekke.

Do meist net stelle.

Do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist dyn neiste syn hûs net begeare,
do meist dyn neiste syn frou net begeare,
noch syn slaaf of slavinne, noch syn okse of ezel
of wat ek mar dyn neiste sines is.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Ivich, HEARE, is jo wurd, it stiet yn 'e himel fêst,
fan geslacht op geslacht bliuwt jo trou.

farianten: Tsien Wurden 1-4

GEBED FAN 'E DEI



foargonger: De Hear wês mei jim. *gemeente:* En ek mei Jo.

of:

De Hear sil by jim wêze.
De Hear sil jo bewarje.

Liturgyske sangen 41

of:

De Heare mei by jim wêze.
Syn Geast yn ús fermidden.

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte seit de foargonger it gebed fan de dei of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. De gemeente antwurdet mei:

Amen.

sjoch: It Tiideigene en Gebeden 47-55

Nei de YNTREE giet de gemeente sitten.

DE HILLIGE SKRIFT

Ien of mear

LÊZINGEN (mei lieten) út 'e hillige Skrift.

As it Luthersk Lêstroaster en it Mienskiplik Lêstroaster folge wurdt, jildt de folgjende oardering (sjoch ek It Tiideigene):

EARSTE SKRIFTLÊZING út it Alde Testamint

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

ANTWURDPSALM

TWADDE SKRIFTLÊZING út 'e Brieven

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

HALLELUJA (- FERS OF -LIET)

It halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdagetiid.

Liturgyske sangen 42-56

EVANGEELJE

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

AKKLAMAASJES op de lêzingen:

Lokkich dy't it Wurd fan God hearre en it bewarje.

of:



of:



foargonger: Lof oan Jo, Kris - tus!



gemeente: yn i - vich - heid. A - men.

of:

**Jo komt de lof ta, Jo it gesang, Jo alle gloarje,
o Heit, o Soan, o hillige Geast,
yn alle ivichheid.**

Liturgyske sangen 58

PREEK

De gemeente giet stean.

BELIDENIS FAN IT LEAUWE OF LIET

**Ik leau yn ien God,
de almachtige Heit,
Skepper fan himel en ierde,
fan alle sjenlike en ûnsjenlike dingen.**

**En yn ien Hear, Jezus Kristus,
de iennichstberne Soan fan God,
berne út de Heit foar alle ieuwen,
God út God,
ljocht út ljocht,
wier God út wier God,
berne, net skepen, ien yn wêzen mei de Heit;
troch Him is alles wurden.
Om ús, minsken, en om ús behâld
is Er delkommen út 'e himel;
Hy is fleis en bloed wurden
troch de hillige Geast út 'e faam Maria
en minske wurden.
Hy hat foar ús ûnder Pontius Pilatus**

de krúsdea ûndergien en is begroeven.
De tredde deis is Er wer opstien, neffens de Skriften.
Hy is opfearn nei de himel
en sit oan 'e rjochterhân fan de Heit.
Hy sil weromkomme mei hearlikheid
om te oardieljen de libbenen en de deaden
en oan syn Ryk komt gjin ein.

Ik leau yn de hillige Geast,
dy't Hear is en libben makket,
dy't fan de Heit (en de Soan) útgiet
dy't mei de Heit en de Soan
oanbidden en ferhearlike wurdt,
dy't sprutsen hat troch de profeten.

Ik leau yn ien hillige, katolike en apostoalyske tsjerke.
Ik beliid ien doop ta ferjouwing fan 'e sûnden.
Ik ferwachtsje de ferrizenis fan 'e deaden
en it libben fan 'e kommende wrâld.
Amen.

IT MIEL FAN DE HEAR – A

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo

farianten: Gebeden 61-75

Stil gebed, kin besletten wurde mei:

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan
as wy oait freegje of betinke doare –

Jo mei de hearlikheid wêze
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus
oant yn alle geslachten
fan ivichheid ta ivichheid.

Amen.

of:

Nim ús yn genede oan,
rêd en behâld ús,
want Jo allinne,
Heit, Soan en hillige Geast,
komt lof, eare en oanbidding ta,
altyd
en fan ivichheid ta ivichheid.

Amen.

De foarbea kin ek nei de ynsamling fan en it gebed oer de jeften dien wurde.

UTNOEGING

Wa't doopt is
en yn eigen tsjerke dielnimme mei
oan it miel fan de Hear,
is wolkom oan 'e tafel
om tankber en leauwich yn te stimmen
mei de lof en de segening
fan God, ús himelske Heit.

of:

De Hear hat syn tafel reemakke
foar wa't op Him betrouwe en wa't Him leafhawwe.
Kristus noegt ús
om tankber en leauwich
mei te stimmen yn 'e lofprizing fan syn tsjerke
en brea en wyn út syn hân oanrikt te krijen.

farianten: Gebeden 76-86

FREDEGROET

De gemeente giet stean

Dat de frede fan de Hear altyd mei jim wêze mei.

En mei jo.

Bring inoar de fredegroet.

of: Jou inoar in teken fan frede.

De gemeenteleden bringe inoar de fredegroet.

De gemeente giet sitten.

De fredegroet kin ek nei it Us Heit brocht wurde.

IT YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

*Under it ynsammeljjen fan 'e jeften meitsje de foargonger en de diakens de
tafel mei de jeften fan brea en wyn ree. Under it ynsammeljjen kin in liet
songen wurde en/of kin muzyk makke wurde.*

BEA OER DE JEFTEN

Heech te priizgjen binne Jo, God,

Skepper fan alles wat libbet.

Ut jo mylde hân

hawwe wy jeften krigen.

Oan Jo drage wy op

de fruchten fan 'e ierde,

brea en wyn,

it wurk fan ús hannen.

Meitsje it foar ús

en foar alle gearre

libbensbrea foar ûnderweis

op wei nei jo keninkryk,

foar no en altyd.

Amen.

farianten: Gebeden 87-128

FOARBEA

as dy net nei it beliden fan it leauwe dien is.

IT TAFELGEBED

De gemeente stiet

De Hear wês mei jim of: De Hear sil by jim wêze.
En mei jo geast. **De Hear sil jo bewarje.**

De herten heech.

Wy hawwe ús hert by de Hear.

Bringe wy tank oan de Heare, ús God.


Hy is ús ús tankberens waardich.

Liturgyske sangen 87

of:



foargonger: Fre - de wês mei jim. of: De Hear wês mei jim.



gemeente: En ek mei jo.



foargonger: De her- ten om - heech.



gemeente: Wy haw - we ús hert by de Hear.



foargonger: Lit ús tank brin-ge oan de Hear, ús God.



gemeente: Him komt ús tank - be - rens ta.

Foar de tekst fan de prefaasje sjoch it begjin fan de TAFELGEBEDEN 1 - 42.
De prefaasje wurdt besletten mei de folgjende akklamaasje:

**Hillich, hillich, hillich, de HEARE,
de God fan de himelske machten.
Himmel en ierde binne fol fan jo hearlikheid.
Hosanna yn 'e heechste himel.**

**Heech te priizgjen is Hy dy't komt
yn 'e namme fan de HEARE.
Hosanna yn 'e hege himel.**

of:



Hil - lich, hil - lich, hil - lich is God de Hea - re



Se - ba - ot. Fol bin - ne hi - mel en ier - de fan syn



hear - lik - heid. Ho - si - an - na yn 'e heech - ste hi - mel.



Te priiz - gjen Hy, dy't komt yn 'e nam - me fan de



Hear. Ho - si - an - na yn 'e heech - ste hi - mel.

farianten: Tafelgebeden en Liturgyske Sangen

Aklamaasjes nei de ynstellingswurden:

**As wy dan ite fan dit brea
en drinke út dizze beker,
ferkundigje wy de dea fan ús Hear
oant Er komt.**

of:

**Heare Jezus, wy ferkundigje jo dea
en wy belide dat Jo weromkomme
dat Jo opstien binne út 'e dea.**

of:

**Yn jo dea hawwe Jo ús dea teneate dien,
yn jo opstanning hawwe Jo ús nij libben jûn.
Heare Jezus, kom yn hearlikheid.**

of:

**Kristus is stoarn,
Kristus is ferriisd,
Kristus sil komme.**

farianten: Tafelgebeden

Nei it Tafelgebed folget

IT GEBED FAN DE HEAR

ynlaat mei de lêste wurden fan it Tafelgebed, of:
Lit ús bidde ta God, ús Heit,
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

**Us Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea**

**en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.**

FREDEGROET as dy al net by de noeging wiksele is.

(De gemeente giet stean.)

De frede fan de Hear wês altiten mei jimme.

En ek mei jo.

Winskje elkoar de frede ta.

of:

Jou elkoar in teken fan frede.

De gemeenteleden bringe elkoar de fredegroet.

(De gemeente giet sitten.)

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

It brea wurdt brutsen en de wyn wurdt yn de beker útgetten, wylst de gemeente sjongt:

**Laam fan God, dat weinimt de sûnden fan 'e wrâld,
ûntfermje Jo oer ús.**


**Laam fan God, dat weinimt de sûnden fan 'e wrâld,
ûntfermje Jo oer ús.**

**Laam fan God, dat weinimt de sûnden fan 'e wrâld,
jou ús de frede.**

of:



Laam fan God dat wei-draacht al - le sîn-de fan 'e




wrâld, wol Jo ûnt-fer - mje. Laam fan God dat wei-draacht



al - le sîn - de fan 'e wrâld, wol Jo ûnt - fer - mje.



Laam fan God dat wei-draacht al - le sîn-de fan 'e



wrâld, jou ús, Hear, jo fre - de A - men

Lokkich
dy't noege binne
op it brulloftsmiel fan it Laam.

***Hear, it komt my net ta dat Jo by my komme,
sis mar ien wurd
en ik sil better wêze.***

of:

Kom, want alle dingen binne ree.

By it jaan fan it brea:
It lichem fan Kristus, foar jimme jûn.
Amen.

By it jaan fan 'e beker:
It bloed fan Kristus, foar jimme fergetten.
Amen.

of:

By it jaan fan it brea:
It lichem fan Kristus, brea út 'e himel.
Amen.

By it jaan fan 'e beker:
It bloed fan Kristus, wyn fan it keninkryk.
Amen.


of:

By it jaan fan it brea:
Dit is it brea út 'e himel.
Amen.

By it jaan fan 'e beker:
Dit is de wyn fan it keninkryk.
Amen.

Wylst brea en wyn omgeane, kinne lieten songen wurde; der kin ek muzyk makke wurde.


GEBED NEI IT MIEL



foargonger: Tan - kje de Hea - re, want Hy is goed.



Hal - le - lu - ja.



gemeente: I - vich duor - ret syn geunst.



Hal - le - lu - ja.

It Halleluja ferfalt yn 'e fjirtichdagetiid.

Lit ús bidde.

Nei in gebedstilte bidt de foargonger in eingebed of tanksizzing, dêr't de gemeente op antwurdet:

Amen.

sjoch It Tiideigene en Gebeden 129-157

UTSTJOERING EN SEGEN

De gemeente giet stean.

EINLIET

It einliet kin ek nei de segen songen wurde.

**Gean yn frede hinne,
yn 'e ferwachting fan 'e takomst fan ús Hear.**

of:



foargonger: Gean hin-ne yn 'e fre-de fan 'e Hea - re.



gemeente: Lof en tank oan God.

Mei de HEARE dy segenje en behoedzje.
Mei de HEARE dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en dy genedich wêze.
Mei de HEARE syn antlit nei dy takeare
en dy frede jaan.



A - men.

farianten: Liturgyske sangen 123-126

of:

De genede fan ús Hear Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast
wês mei jim allegearre.

Amen.

of:

Segenje mei jim de almachtige en barmhertige God,
Heit, Soan en hillige Geast.

Amen.

of:

De frede fan God,
dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne,
mei jimme herten en jimme tinken hoedzje
yn Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

EINLIET

as dat al net fòar de útstjoering en segen songen is.

IT MIEL FAN DE HEAR – B

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd ôfsletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo.

farianten: Gebeden 61-75

Stil gebed, al of net ôfsletten mei:

God, Jo, dy't neffens de macht dy't yn ús wurket
by steat binne ûnwittend folle mear te dwaan
as wy oait freegje of betinke doare –
oan Jo de hearlikheid
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus,
oant yn alle geslachten
fan ivichheid oant ivichheid.

Amen.

of:

Nim ús yn genede oan,
rêd ús en behâld ús,
want Jo allinne,
Heit, Soan en hillige Geast,
komt ta priis, lof en oanbidding
aloan en wei
en fan ivichheid oant ivichheid.

Amen.

NOEGING EN UNDERWIZING

Bruorren en susters,

yn it hillich Nachtmiel betinke wy
hoe't ús Hear en Heilân Jezus Kristus
yn 'e wrâld kommen is om ús te ferlossen.
Wy fiere en betinke
hoe't Hy libbe hat foar oaren,
en Him folslein jûn hat, oan 'e ein ta.
Unskuldich is Er ta de dea feroardiele,
de dea oan it krús.

Foar ús is Er stoarn en begroeven.
De tredde deis is Er opwekke út 'e deaden
en hat Er nij libben brocht:
fersoening foar allegearre dy't lije
ûnder it jok fan sûnde en dea.

Mannich kear hat ús Hear iten en dronken
mei tolgarders en sûnders,
mei allegearre dy't diel hawwe woenen oan syn libben,
mei syn freonen,
lykas yn dy lêste nacht,
doe't Er in teken steld hat
fan syn leafde en trou sûnder ein
en Himsels oerjûn hat
as brea foar de wrâld.

Oan harren dy't Him sa leaf wienen,
en ek oan ús,
hat Er opdracht jûn
om te dwaan wat Hy dien hat:
brea en wyn – ta syn oantinken.

En sa noeget Er ús hjir en no
oan syn miel,
in miel fan blydskip foar alle folk fan God.
Ja, fan east en west, fan noard en súd
sille de folken fan 'e ierde komme
en oansitte yn it keninkryk fan God.

Lit ús dan diele yn it feest
dat de Hear foar ús reemakke hat.
Kom as gasten oan dizze tafel,
de tafel fan de Hear,
dêr't it brea ús sêdzje sil
en de wyn ús hert bliid makket.

YNSAMLING FAN 'E JEFTEN

*De gemeente kin no gearkomme om de nachtmielstafel hinne. By it oan-
gean kin men jins jeften yn in skaal lizze. Nei de kollekte kin in liet songen
wurde. Dêrnei wurde brea en wyn, mei de ynsammele jeften, nei de nacht-
mielstafel brocht.*

Lit ús bidde.

...gebedsstilte...

foargonger of allegearre:

**God dy't wy priizgje,
alle dingen dy't wy krije
komme út jo hân.**

**Alles dêr't wy op hoopje,
Jo litte it ús takomme.**

Alles dêr't wy bliid om binne,

Jo hawwe it ús jûn.

Alles dêr't wy om freegje,

Jo sille deryn foarsjen.

Amen.

YNSETTINGSWURDEN

Hear dan de wurden fan 'e ynsetting
fan it hillich Nachtmiel fan ús Hear Jezus Kristus.

Yn 'e nacht dêr't ús Hear Jezus yn oerlevere waard,
naam Er in brea, spriek de tanksizzing út,
briek it en sei:

Dit is myn lichem foar jimme,
doch dit ta myn oantinken.

Allyksa de beker,
nei't it iten dien wie,
en Hy sei:

Dizze beker is it nije ferbûn dat fêstleit yn myn
bloed.

Doch dit, sa faak as jim dy drinke,
ta myn oantinken.

Want sa faak as jimme dit brea ite
en dizze beker drinke,
ferkundigje jimme de dea fan de Hear,
oant Er komt.

IT NIMMEN FAN BREA EN WYN

Lykas de Hear Jezus
yn 'e nacht dat Er oerlevere waard,
brea en wyn naam,
sa nimme wy hjir

dit brea en dizze beker
om it miel fan de Hear te fieren.
En sa't Hy God tanke en priizge,
lit ús sa ta God gean
mei gebed en lofprizing.

LOFPRIZING OM BREA EN WYN

Wy priizgje Jo, Heit,
fanwegen de hillige wynstôk David, jo tsjinstfeint,
dêr't Jo ús diel oan jûn hawwe
troch Jezus, jo tsjinner.

Oan Jo de hearlikheid yn alle ivichheid!

Wy priizgje Jo, Heit,
fanwegen it libben en de kennis,
dêr't Jo ús diel oan jûn hawwe
troch Jezus, jo tsjinner.

Oan Jo de hearlikheid yn alle ivichheid!

Sa't dit brea dat wy brekke,
ferstruid wie oer de bergen,
gearbrocht en ien wurden is,
bring sa jo gemeente byinoar yn jo Ryk
fan ierdryks einen!

**Want oan Jo is de hearlikheid en de krêft
troch Jezus Messias
yn alle ivichheid.**

toansetting: Onze Hulp, 70-72

GEBEDEN

Wy bringe ús smekings [en foarbeaen] foar God.

Barmhertige God en Heit,
wy bidde Jo:
lit jo Geast oer ús komme,
dat wy yn brea en wyn
diel krije oan ús Hear Jezus Kristus.

Ferienigje ús troch jo Geast mei Him,
dy't Himsels foar ús oerjûn hat
en ferbyn ús mei-elkoar
as libbene leden fan syn lichem
ta lof en ear fan jo Namme.
Amen.

[Tink, Hear, om jo gemeente.
Untskuor har oan it kwea,
meitsje har folslein yn 'e leafde.
Lit harren dy't Jo hillige hawwe
diele yn 'e blydskip
fan it Ryk dat Jo reemakke hawwe.

of:

God fan alle barmhertichheid,
– hâld wacht oer jo tsjerke hjir op ierde
en meitsje har ien yn it leauwe;
– wês mei de earmen en har dy't treurje
mei de siken en dy't op stjerren lizze
mei flechtlingen en dy't fêst sitte
en mei allegearre dy't lije;
– tink om harren dy't ús leaf binne,
rûnom dêr't se binne,
en allegearre dy't wy foar Jo neame
yn it ynlikst fan ús hert...]

Lit ús dan bidde om Gods hearskippij op ierde
mei de wurden dy't Jezus ús leard hat:

**Us Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk**

en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

MIENSKIP FAN BREA EN WYN

Lokkich dy't noege binne
op it brulloftsmiel fan it Laam.

**Hear, it komt my net ta, dat Jo by my komme,
sis mar ien wurd
en ik sil better wêze.**

*As de nachtmielgongers op dit plak útnoege wurde om har plakken om 'e
tafel yn te nimmen:*

Kom, want alle dingen binne ree.

De foargonger nimt it brea, brekt it en dielt it út en seit:

It brea dat wy brekke,
is dat net in mienskip mei it lichem fan Kristus?
[Om't it ien brea is,
binne wy, hoe machtich ek, ien lichem,
want allegearre hawwe wy diel oan it iene brea.]

De foargonger hâldt de beker omheech, lit dy omgean en seit:

De beker fan 'e tanksizzing,
dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke,
is dat net in mienskip mei it bloed fan Kristus?

of:

De foargonger nimt it brea, brekt it, dielt it út en seit:

It brea dat wy brekke,
is mienskip mei it lichem fan Kristus.
[Nim, yt, betink en leau,
dat it lichem fan ús Hear Jezus Kristus
jûn is ta folsleine fermoedsoening
fan al ús sûnden.]

De foargonger hâldt de beker omheech, lit dy omgean en seit:

De drinkbeker fan 'e tanksizzing,
dêr't wy de tanksizzing oer útsprekke,
is mienskip mei it bloed fan Kristus.
[Nim, drink dêr allegearre út,
betink en leau,
dat it kostber bloed
fan ús Hear Jezus Kristus,
fergetten is ta folsleine fermoedsoening
fan al ús sûnden.]

Under de mienskip fan brea en wyn kinne lieten songen wurde; der kin ek muzyk makke wurde.

GEBED NEI IT MIEL

Tankje de Hear, want Hy is goed. [Halleluja.]

Ivich duorret syn geunst. [Halleluja.]

It Halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdagetiid.

Lit ús bidde.

Nei in gebedstilte bidt de foargonger in eingebed of tanksizzing, dêr't de gemeente op antwurdet:

Amen.

sjoch It Tiideigene en Gebeden 129-157

UTSTJOERING EN SEGEN

De gemeente stiet.

EINLIET

It einliet kin ek nei de segen songen wurde.

Gean hinne yn 'e frede fan de Hear.

of:

Gean yn frede hinne
en ferwachtsje de takomst fan ús Hear.

Mei de HEARE dy segenje en behoedzje.
Mei de HEARE dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en dy genedich wêze.
Mei de HEARE syn antlit nei dy takeare
en dy frede jaan.



A - men.

farianten: Liturgyske sangen 123-126

of:

De genede fan ús Hear Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast
wês mei jim allegearre.

Amen.

of:

Segenje mei jim de almachtige en barmhertige God,
Heit, Soan en hillige Geast.

Amen.

of:

De frede fan God,
dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne,
sil jimme herten en tinken hoedzje
yn Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

EINLIET

as dat net fóár de segen al songen is.

ORDER II

De hillige Skrift,
gebeden en jeften

YNTREE – A

As tarieding fan 'e tsjinst kinne ien of mear fan 'e eleminten dy't hjir oanjûn wurde plak fine. De kantor/oargelist en ien fan 'e tsjerkerie binne hjir de foargongers.

De klokken liede – foar oefening – oargelspyljen – ynliedend wurd – it oanstekken fan 'e kearsen – stilte

De gemeente stiet en sjongt in

PSALM OF YNTREELIET

Dat liet kin ek nei it gebed fan neierkommen songen wurde.

De âlderling of predikant kin de tsjinst sa begjinne:

Yn 'e namme fan de Heit

en de Soan

en de hillige Geast.

Amen.

GROET

As de predikant by de yntree foargiet, groetet hy/hja de gemeente:

Genede en frede mei jim jûn wurde

fan God, ús Heit,

en fan Jezus Kristus, de Hear.

Amen.

of:

Genede, barmhertichheid en frede

mei jim jûn wurde fan God, de Heit,

en fan Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

of:

Genede foar jimme en frede

fan Him, dy't is en dy't wie en dy't komt,

en fan de sân geasten dy't foar syn troan steane,

en fan Jezus Kristus, de trouwe tsjûge,

dy't as earstberne fan 'e deaden opstien is

en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.

Amen.

BEMOEDIGING

Yn alle gefallen wurdt oan it begjin fan elke tsjinst bidden:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat.

of:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat,
dy't de trou hâldt oant yn ivichheid
en net los lit wat syn hân begûn.

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Almachtige God,
foar Jo lizze alle herten iepen,
alle begearten binne Jo bekend
en gjin geheim is foar Jo ferburgen.

... gebedsstilte...

Suverje de oerlizzings fan ús hert
troch de ynjouwing fan jo hillige Geast,
dat wy Jo fan herten leafhawwe
en jo hillige Namme grut meitsje.

Amen.

farianten: Gebeden 22-38

As de tsjinst net mei in liet begûn is, sjongt de gemeente hjir in
PSALM of YNTREELIET

KYRIE ELEISON

In diaken kin de kyrie-yntinsje sizze.

Lit ús de Hear om ûntferming oanroppe
foar de need fan 'e wrâld

... hjir kinne in stikmannich yntinsjes ynfoege wurde ...

en syn namme priizgje
want syn barmhertigens is de ein fan wei.

farianten: Gebeden 39-46

Hear, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

Kristus, ûntfermje Jo.

Kristus, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

Hear, ûntfermje Jo.

of:

Kyrie eleison.

Kyrie eleison.

Christe eleison.

Christe eleison.

Kyrie eleison.

Kyrie eleison.

Nei it Kyrie folget op dagen dat de kleur wyt of read is de lofsang 'Gloria'.
Dy kin ek op 'e sneinen troch it jier hinne songen wurde. As de kleur pears
is (yn 'e tariedingstiid foar Krysttyd en Peaske), ferfalt de lofsang.

GLORIA

Eare oan God yn 'e heechste himel
en frede op ierde
no't God yn minsken wolbehagen hat.
Wy loovje Jo, wy earje Jo,
wy oanbidde Jo, wy ferhearlikje Jo.
Wy sizze Jo tank foar jo grutte hearlikheid
Heare God, himelske Kening,
God, almachtige Heit.
Hear, iennichstberne Soan, Jezus Kristus;
Hear God, Laam fan God,
Soan fan de Heit,
dy't de sûnden fan 'e wrâld weinimt,
ûntfermje Jo oer ús;
dy't de sûnden fan 'e wrâld weinimt,
hear ús gebed.
Jo, dy't sitte oan 'e rjochterhân fan de Heit,
ûntfermje Jo oer ús.
Want Jo allinne binne hillich,
Jo allinne de Hear,
Jo allinne de Alderheechste, Jezus Kristus,
mei de hillige Geast
yn 'e hearlikheid fan God de Heit.
Amen.

of:

KYRIE ELEISON



Hea - re God, ûnt - fer - mje Jo, Kris - tus,



ûnt - fer - mje Jo, Hea - re God, ûnt - fer - mje Jo.

GLORIA

Ea - re oan God yn 'e heech-ste hi-mel en fre-de
op ier - de no't God yn min-sken wol-be-ha-gen hat.

GEBED FAN 'E DEI

foargonger: De Hear wês mei jim. *gemeente:* En ek mei Jo.

of:

De Hear sil by jim wêze.
De Hear sil jo bewarje.

Liturgyske sangen 41

of:

De Hear mei by jim wêze.
Syn Geast yn ús fermidden.

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte seit de foargonger it gebed fan de dei of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. It gebed wurdt ôfsletten mei de wurden:

Troch Jezus Kristus, ús Hear, jo Soan,
dy't mei Jo en de hillige Geast
libbet en regearret yn ivichheid.

Amen.

sjoch It Tiideigene en Gebeden 47-55

Nei de YNTREE giet de gemeente sitten.

YNTREE – B

As tarieding fan 'e tsjinst kinne ien of mear fan 'e eleminten dy't hjir oanjûn wurde plak fine. De kantor/oargelist en ien fan 'e tsjerkerie binne hjir de foargongers.

De klokken liede – foar oefening – oargelspyljen – ynljedend wurd – it oanstekken fan 'e kearsen – stilte

De âlderling of predikant kin de tsjinst sa begjinne:

Yn 'e namme fan de Heit

en de Soan

en de hillige Geast.

Amen.

GROET

As de predikant by de yntree foargiet, groetet hy/hja de gemeente:

Genede en frede mei jim jûn wurde

fan God ús Heit

en fan Jezus Kristus, de Hear.

Amen.

of:

Genede, barmhertichheid en frede

mei jim jûn wurde fan God de Heit

en fan Kristus Jezus, ús Hear.

Amen.

of:

Genede foar jimme en frede

fan Him dy't is en dy't wie en dy't komt,

en fan de sân geasten dy't foar syn troan steane,

en fan Jezus Kristus, de trouwe Tsjûge,

dy't as earstberne fan 'e deaden opstien is

en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.

Amen.

BEMOEDIGING

Yn alle gefallen wurdt oan it begjin fan elke tsjinst bidden:

Us Helper is de Heare,

dy't himel en ierde makke hat.

of:

Us Helper is de Heare,
dy't himel en ierde makke hat,
dy't de trou hâldt oant yn ivichheid
en net los lit wat syn hân begûn.

De gemeente stiet en sjongt in
PSALM OF YNTREELIET

GEBED FAN NEIERKOMMEN

Foar Jo belide wy, almachtige God,
foar jo hiele tsjerke en foar elkoar,
dat wy sûndige hawwe
yn wat wy tochten, seinen en dienen

... gebedsstilte...

Untfermje Jo oer ús,
ferjou ús ús sûnden
en lied ús ta it ivige libben:
troch Jezus Kristus, ús Hear,
Amen.

farianten: Gebeden 22-38

LOFFERHEFFING, DE TSIEN WURDEN

De foargonger seit it begjin en de ein, de lector seit de Tsiens Wurden.

Ivich, HEARE, is jo wurd, it stiet yn 'e himel fêst,
fan geslacht op geslacht bliuwt jo trou.
Want Jo sprekke ta ús:

Ik bin de HEARE, dyn God,
dy't dy út Egypte, it slavehûs weihelle hat.
Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.
Do meist gjin oare goaden foar myn eagen hawwe.
Do meist dy gjin byld meitsje,
gjin inkelde ôfbylding fan wat boppe yn 'e loft is
of ûnder op 'e ierde of yn it wetter ûnder de ierde.
Do meist dy dêr net foar bûge noch har tsjinje,
want Ik, de HEARE, dyn God, bin in oergeunstich God,
dy't de ûngerjochtichheid fan 'e heiten
op 'e bern ferhellet, oan it tredde en fjirde geslacht ta
fan harren dy't My haatsje,

mar dy't geunst bewiist
oan it tûzenste geslacht
fan dy't My leafhawwe
en myn geboaden ûnderhâlde.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist de Namme fan de HEARE dyn God net misbrûke,
want de HEARE lit net frij-út gean,
wa't syn Namme misbrûkt.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Tink om 'e sabbatdei
en hâld dy hillich.

Seis dagen silst arbeidzje en al dyn wurk dwaan.
De sânde dei lykwols is in sabbat
foar de HEARE, dyn God.

Do meist dan hielendal gjin wurk dwaan, do net,
dyn soan en dochter net,
noch dyn slaaf of slavinne,
noch dyn fee,

noch de frjemdling by dy yn 'e poarte.

Want yn seis dagen

hat de HEARE de himel en de ierde makke,
de see en alles dat dêryn is;
en Hy rêste de sânde deis.

Dêrom hat de HEARE de sabbatdei segene en dy hillige.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Earje dyn heit en mem,
datst lang libje meist

op 'e grûn dy't de HEARE, dyn God, dy jout.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist net deaslaan.

Do meist net troubrekke.

Do meist net stelle.

Do meist gjin falske ferklearring ôflizze oer dyn neiste.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Do meist dyn neiste syn hûs net begeare,
do meist dyn neiste syn frou net begeare,
noch syn slaaf of slavinne, noch syn okse of ezel
of wat ek mar dyn neiste sines is.

Heech te priizgjen binne Jo yn ivichheid.

Ivich, HEARE, is jo wurd, it stiet yn 'e himel fêst,
fan geslacht op geslacht bliuwt jo trou.

farianten: Tsien Wurden 1-4

GEBED FAN 'E DEI



foargonger: De Hear wês mei jim. *gemeente:* En ek mei Jo.

of:

De Hear sil by jim wêze.
De Hear sil jo bewarje.

Liturgyske sangen 41

of:

De Hear mei by jim wêze.
Syn Geast yn ús fermidden.

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte seit de foargonger it gebed fan de dei of it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. De gemeente antwurdet mei:

Amen.

sjoch: It Tiideigene en Gebeden 47-55

Nei de YNTREE giet de gemeente sitten.

DE HILLIGE SKRIFT

Ien of mear

LÊZINGEN (mei lieten) út 'e hillige Skrift.

As it Luthersk Lêstroaster en it Mienskiplik Lêstroaster folge wurdt, jildt de folgjende oardering (sjoch ek It Tiideigene):

EARSTE SKRIFTLÊZING út it Alde Testamint

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

ANTWURDPSALM

TWADDE SKRIFTLÊZING út 'e Brieven

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

HALLELUJA (- FERS OF -LIET)

It halleluja ferfalt yn 'e Fjirtichdagetiid.

Liturgyske sangen 42-56

EVANGEELJE

De lêzing kin besletten wurde mei:

Sa sprekt de Hear.

Wy tankje God.

AKKLAMAASJES *op de lêzingen:*

Lokkich dy't it Wurd fan God hearre en it bewarje.

of:



of:



foargonger: Lof oan Jo, Kris - tus!



gemeente: yn i - vich - heid. A - men.

of:

**Jo komt de lof ta, Jo it gesang, Jo alle gloarje,
o Heit, o Soan, o hillige Geast,
yn alle ivichheid.**

Liturgyske sangen 58

PREEK

De gemeente giet stean

BELIDENIS FAN IT LEAUWE OF LIET

**Ik leau yn ien God,
de almachtige Heit,
Skepper fan himel en ierde,
fan alle sjenlike en ûnsjenlike dingen.**

**En yn ien Hear, Jezus Kristus,
de iennichstberne Soan fan God,
berne út de Heit foar alle ieuwen,
God út God,
ljocht út ljocht,
wier God út wier God,
berne, net skepen, ien yn wêzen mei de Heit;
troch Him is alles wurden.**

**Om ús, minsken, en om ús behâld
is Er delkommen út 'e himel;
Hy is fleis en bloed wurden
troch de hillige Geast út 'e faam Maria
en minske wurden.**

**Hy hat foar ús ûnder Pontius Pilatus
de krúsdea ûndergien en is begroeven.**

De tredde deis is Er wer opstien, neffens de Skriften.
Hy is opfearn nei de himel
en sit oan 'e rjochterhân fan de Heit.
Hy sil weromkomme mei hearlikheid
om te oardieljen de libbenen en de deaden
en oan syn Ryk komt gjin ein.

Ik leau yn de hillige Geast,
dy't Hear is en libben makket,
dy't fan de Heit (en de Soan) útgiet
dy't mei de Heit en de Soan
oanbidden en ferhearlike wurdt,
dy't sprutsen hat troch de profeten.

Ik leau yn ien hillige, katolike en apostoalyske tsjerke.
Ik beliid ien doop ta ferjouwing fan 'e sûnden.
Ik ferwachtsje de ferrizenis fan 'e deaden
en it libben fan 'e kommende wrâld.
Amen.

GEBEDEN EN JEFTEN *of* JEFTEN EN GEBEDEN

De foarbea kin ek nei it ynsammeljen fan en de bea oer de jeften dien wurde.

TANKSIZZING

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo

farianten tanksizzing: Gebeden 56-60

farianten foarbea: Gebeden 61-75

Stil gebed, kin besletten wurde mei:

God, Jo dy't neffens de macht dy't yn ús wurket,
by steat binne om ûnwittend folle mear te dwaan
as wy oait freegje of betinke doare –
Jo mei de hearlikheid wêze
yn 'e gemeente en yn Kristus Jezus
dy't ús learde om te bidden:

Us Heit yn 'e himel,
lit jo Namme hillige wurde,
lit jo keninkryk komme,
lit jo wil dien wurde
op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
en ferjou ús ús skulden,
sa't wy ús skuldners ek ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme,
mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk
en de krêft
en de hearlikheid
oant yn ivichheid.
Amen.

YNSAMMELJEN FAN DE JEFTEN

Under it ynsammeljen kin songen en/of spile wurde.

GEBED OER DE JEFTEN

Suverje ús jeften, Hear,
dat ús bidden echt wêze mei;
lit net falsk klinke
wat ús mûle seit,
en lit ûndûbelsinnich wêze
wat ús hân docht.
Dat bidde wy Jo yn de Messias Jezus,
jo iennichstberne, ienfâldige Soan.
Amen.

farianten: Gebeden 87-128

FOARBEA

as dy net nei de belidenis fan it leauwe dien is.

UTSTJOERING EN SEGEN

De gemeente stiet.

EINLIET

It einliet kin ek nei de segen songen wurde.

Gean hinne yn 'e frede fan de Hear.

of:

Gean yn frede hinne
en ferwachtsje de takomst fan ús Hear.

Mei de HEARE dy segenje en behoedzje.
Mei de HEARE dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en dy genedich wêze.
Mei de HEARE syn antlit nei dy takeare
en dy frede jaan.



A - men.

farianten: Liturgyske sangen 123-126

of:

De genede fan ús Hear Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast
wês mei jim allegearre.

Amen.

of:

Segenje mei jim de almachtige en barmhertige God,
Heit, Soan en hillige Geast.

Amen.

of:

De frede fan God,
dêr't wy mei al ús ferstân net by kinne,
sil jimme herten en tinken hoedzje
yn Kristus Jezus, ús Hear.
Amen.

EINLIET

as dat al net foar de segen songen is.

ORDER III

Leartsjinst

III

As tarieding fan 'e tsjinst kinne ien of mear fan 'e eleminten dy't hjir oanjûn wurde plak fine. De kantor/oargelist en ien fan 'e tsjerkerie binne hjir de foargongers.

[Gebeden thús en yn tsjerke – de klokken liede – foar oefening – (oargel)spyljen – konsistoarjegebed – ynliedend wurd – it oanstekken fan 'e kearsen]

IEPENING

GROET

Genede en frede mei jim jûn wurde
fan God, ús Heit,
en fan Jezus Kristus, de Hear.
Amen.

of:

Genede, barmhertichheid en frede
mei jim jûn wurde fan God, de Heit,
en fan Kristus Jezus, ús Hear.
Amen.

of:

Mei genede en frede jim jûn wurde
fan Him, dy't is en dy't wie en dy't komt,
en fan de sân geasten dy't foar syn troan steane,
en fan Jezus Kristus, de trouwe tsjûge,
dy't as earstberne fan 'e deaden opstien is
en hearsket oer de keningen fan 'e ierde.
Amen.

BEMOEDIGING

Us Helper is de HEARE,
dy't himel en ierde makke hat.

of:

Us Helper is de HEARE,

**dy't himel en ierde makke hat,
dy't de trou hâldt oant yn ivichheid
en net los lit wat syn hân begûn.**

GEBED

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte docht de foargonger it gebed om ferljochting mei de hillige Geast. De gemeente antwurdet:

Amen.

farianten: Gebeden 47-55

DE HILLIGE SKRIFT

LÊZING ÚT DE HILLIGE SKRIFT

LIET

Lêzing út de kategismus of in oar geskrift út 'e tradysje.

Liet

PREEK

APOSTOALYSKE BELIDENIS FAN IT LEAUWE *of* LIET

GEBEDEN

LOFPRIZING

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo

farianten foarbea: Gebeden 61-75

Stil gebed

Us Heit...

of:

Us Heit...

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo

farianten foarbea: Gebeden 61-75

Stil gebed

LOFPRIZING

Ynsammeljen fan 'e jeften

UTSTJOERING EN SEGEN

Liet

Gean yn frede hinne
en ferwachtsje de takomst fan ús Hear.

De genede fan ús Hear Jezus Kristus
en de leafde fan God
en de mienskip fan de hillige Geast
wês mei jim allegearre.

Amen.

of:

Mei de HEARE dy segenje en behoedzje.
Mei de HEARE dy mei it ljocht fan syn antlit beskine
en dy genedich wêze.
Mei de HEARE syn antlit nei dy takeare
en dy frede jaan.

Amen.

Liet

ORDER IV

Gearkomste fan de húsgemeente

IEPENING

IEPENINGSFERS

Wês hjir oanwêzich,
God fan 'e machten.
Ljocht yn ús fermidden.
Wês Jo ús Heilân,
dat wy wer libje;
wês hjir oanwêzich.

Liturgyske sangen 15

Under it sjongen fan dit fers wurde de kearsen oanstutsen.

of:

God, help my.
Hear kom mei hasten en help my.

It deistich gebed, side 994-996

of:

Priizgje wy God, ús Heit,
Skepper fan alle goede jeften.
Te priizgjen binne Jo de ieuwen troch.
Priizgje wy Kristus,
boarne fan alle goede dingen.
Te priizgjen binne Jo de ieuwen troch.
Priizgje wy de hillige Geast,
dy't ús it libben jout.
Te priizgjen binne Jo de ieuwen troch.

LIET

GEBED

Lit ús bidde.

Nei in koarte gebedsstilte docht de foargonger it gebed fan 'e dei of it gebed om de ferljochting mei de hillige Geast. De gemeente antwurdet:

Amen.

sjoch It Tiideigene en Gebeden 47-55

DE HILLIGE SKRIFT

LÊZING(EN) ÚT DE HILLIGE SKRIFT
(ôfwiksele) mei psalm(en) en gesang(en)

OERTINKING

LIET

GEBEDEN

TANKSIZZING

farianten: Gebeden 56-60

FOARBEA

De yntinsjes wurde hieltyd besletten mei:

Lit ús bidde:

of: Sa bidde wy:

of: Dêrom bidde wy:

Hear, ûntfermje Jo

farianten foarbea: Gebeden 61-75

Stil gebed

Us Heit...

LIET

Dat kin ek nei de segenbea songen wurde.

SEGENBEA

Mei de almachtige en barmhertige Hear,
Heit, Soan en hillige Geast,
ús segenje en behoedzje.

Amen.

*of: Dat de Hear ús syn frede jaan mei
en it ivige libben. Amen.*

farianten: It deistich gebed, side 1002-1003

LIET

as dat net foar de segenbea songen is.

*De jeften kinne foar of nei it bidden of by it útgean ynsammele
wurde. Der is gjin gebed oer de jeften.*

